

Maiden speech – de taspraak fan in maagd – famkepraatsje dus.

Ik haldt dit leaver op myn earste bijdrage yn it parlemint fan Fryslan.

De Turfmarkt en de Twabaksmarkt binne foar mij gjin unbekinde plakken. Yn it ferline ha ik as tsjinstwegerer wurke yn de Kanselarij. Eartiids wie dat it Hof fan Fryslan - sis mar de husfesting fan de rjochterlike macht - wylst hjir yn dit moaie hûs - it bestjoer fan Fryslan tahâldt.

As fertsjintwurdiger fan de ChristenUnie wurdt my hjir de geunst ferlient om mei te tinken oer de takomst fan ús provinsje Fryslân en de minsken dy't der yn wenje. Ús mienskip groeit mei namme troch minsken fan oer de grinzen. Minsken mei in grut ferskaet oan eftergrûn wenje by inoar yn de strutte en de tsjerklike mienskip, wer't ik by belutsen bin, komt al ga mei minsken út mear as 20 lannen yn kontakt.

En dan hoe we noch net iens te tinken oan de kontakten troch us ekonomysk ferkear. Ek hat eltse gemeente - ek de provinsje - freonskipsbannen mei steden en mienksippen oer de lânsgrinzen.

Kultuer – en dan mei namme – it Frysk eigene – hat har woartels foar in grut part yn de Kristlike kultuer. Yn mei namme tsjerken komme hja derfan noch in protte tsjin en it is dan ek fan grutte wearde dizze byldende keunststikken mei soarch te bewarjen.

It liket wol oft de oandacht fan it grutte publyk ek mear útgiet nei de fysike tsjerken en wat der te finen is dan nei de geastike wearden wer't de tsjerken foar stean. Yn dat ramt is it wol mei te beneaman dat ôfrune snein de wike fan gebed yn Snits begûn waard mei in gearkomst yn de kapel fan it Bonifasiushûs. Fertsjintwurdigers fan de tsjerken fan Snits kamen der byinoar om oan de hân fan in troch Malta – ek yn Fryslan net unbekind – oandringen tema te bidden foar lân en folk. De kristenen op Malta ha ús it tema fan “butengewoan freonlik” mei jûn. Dat binnen de wurden yn it boek Hannelingen wêr 't fertelt wurdt fan de wize werop de minsken fan in Romeinsk skip mei gevangenen holpen waarden neidat harren skip op it strân kapot slein wie. Paulus wie ien fan de gevangenen en hja waard mei alle minsken “bûengewoan freonlik” opfongen.

It Grykse wurd foar freonlik betsjut ek dat dizze Matezers de minsken út de fremdte leaf hie. Fan dizze minsken plukke koe ek al net mear. Nee, hja holpen har sels oan in nij skip sadat men – nei de winter – harren reis nei Rome trochsette koe. En dat yn in tiid dat der fan rjochten foar in minke noch gjin sprake wie.

Butengewoan is ek de namme fan ús famyljeskip – in opboude Westlanner – wermei we it Fryske wetter befarre. We binne dan gewoan bûten. Dat kin yn ús moaie Fryske lân mei har marren en wâlden, greide en kleihoeke, mei har bosken en eilanden. Ik kin my hiel goed foarstelle dat men hjir graach nei takomt.

Dy bûengewoane freonlikens winskje ik it Fryske folk ek ta.

Ek yn it kulturele libben. Yn muzykselskoppen sa as dat koar yn Joure foar minsken dy't troch it sjongen fan ferskes it Nederlâns better ûnder de knibbel krije wolle.

Ja, hear ik jim tinken: gjin Fryske ferskes fansels. No dat falt te besjen.

Wy hiene op aldjiersjûn in Iraans gesin op besite, werfan de frou Ingelsk studearre hie. Hja wie noch mar twa moannen yn Balk en koe no al in protte wurden út it Frysk opneamme, dy't se keppele oan it Ingelsk.

Kultuer en keunst binne yn it beliedstik oan mekoar keppele. Foar ús as PS is it no de keunst dizze ferbining sa wurkje te litten dat sawol minsken út it fjild fan de keunst as minsken dy't har sterk

meitje foar ús mienskiplike kultuer de romte krije om – it Frysk eigene – op in ynnovearjende wize foar it fuotljocht te bringen.

Dizze minsken meitsje diel út fan ús mienskip. Wol 10000 binne aktyf yn de Hafabra. In protte binne dwaande mei byldende keunst en wêr oaren binne yn lytse selskippen belutsen by lytskalich teater. Ek de touristyske ekonomy hat har ynfloed en der leit dan ek de relaasje mei de gastfryens-ekonomy.

Yn de tarieding op dizze PS waard al dúdlik dat mannich dielnimmer yn it fjild fan keunst en kultuer der oer ynsit oft hja wol kâns fan plak kryt. Dochs is men tefreden oer de wize werop dit beliedsplan ta stân kommen is en men is ek bliid mei de ynset fan artystyke advyskommisjes.

Komt dy angst dan út it ûnbekinde fuort? Of is der echt wat oer de hôle sjoen? Moatte der noch mear skotten yn de jilden foar de ambysjes om koepelorganisaasjes temjitte te kommen? Krijt it ynovative tefolle oandacht? Wurdt yn de yndikatoren mei “professioneel” doelt op minsken dy’t harren brea der mei fertsjinje? Of kiin in amateur ek professioneel út de hoeke komme? Wat binne de doelen as we sjogge nei de SDG’s en de betsjutting derfan foar ús mienskip? Kin elts gesin dielnimme? Wat docht it belied mei it fuort nimmen fan net winske grinzen tusken minsken?

De fraksje fan de ChristenUnie is ta it oardiel kommen dat it measte fan wat de ynsprekkers oan soarch ynbrochten, fuort nommen wurde kin troch in goed kommunikaazjetrajekt mei de minsken yn it fjild en de advyskommisjes.

Wy ha mei dat doel in moasje opstelt en freegje it kolleezje ús foar de simmer te ynformearjen oer in kommunikaazjeplan, dat alle neamde ambysjes mei dúdlike kriteria yn bield bringt foar sawol it fjild as de advyskommisjes.

Kultuer is in prachtich middel foar kontakt tusken minsken en mei minsken fan oer de grinzen.

In moai foarbyld is it skutsjesilen. No de lanlike senders der ek yn de simmer oandacht oan jouwe, krieg ik yn Earnewald in Limburger nest my. Hy wie nysjirrich nei wat der barde en sa hie ik al gau in ferhael mei dizze man fan oer de grins. Aardich wie derneist ek dat ús rewilligens om oars mei ús leauwen om te gean ek al gau in gespreksunderwerp waard. Mar deroer sil ik no net fjirder útweidzje.

Foarsitter,

Lûkten us foaralden har foar it wetter werom op terpen, mei skippen wisten hja de grinzen wol te ferlizen!

Lit dat ek de ynset fan it kolleezje weze.